

1. Utgongspunten fan it belied

1.1. Ynlieding

Fryslân is in meartalige provinsje. It sprekt fansels dat de Provinsje der op ta wol dat it Nederlânsk en it Frysk njonken elkoar brûkt wurde kinne. Dizze nije provinsjale Taalnota stiet yn it teken fan in beskate tradysje. Earder hat de Provinsje har stânpunten dellein yn de nota "Fan Geunst nei Rjocht" (1985) en de "Ramtnota taalbelied" (1991). Dêrnjonken kaam de Provinsje yn 1989 en 1993 ta in Bestjoersôfspraak mei it Ryk.

Sûnt de earste Bestjoersôfspraak is de *kontekst* fan it taalbelied yngeand feroare mei it tastân kommen fan it Europeesk Hânfêst fan de Regionale en Minderheidstalen yn 1992. Taalpolityk is ûnderdiel wurden fan Europeeske polityk. Nederlân hat it Hânfêst yn 1992 ûndertekene en yn 1996 ratifisearre. Dêrmei ferklearre it Ryk (1) it Frysk te sjen as in bydrage oan de kulturele rykdom fan Europa, (2) behinderingen weinimme te wollen om it Frysk rûnom brûke te kinnen en (3) aksjes te ûndernimmen om de Fryske taal te befoarderjen. It Hânfêst is yn 1998 yn wurking kommen.

It Ryk hat foar it Frysk 48 bepalingen fan diel III fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen ûndertekene. In útwurking dêrfan is jûn yn de (trede) Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer dy't op 5 juny 2001 troch Ryk en Provinsje ûndertekene is. Yn de Bestjoersôfspraak sizze Ryk en Provinsje dat sy tegearre ferantwurdlik binne foar it "*waarborgen van de Friese taal en cultuur*", der op ta te wollen dat "*burgers, overheden, organen en instanties in Fryslân zich vrij kunnen uiten in de Friese dan wel Nederlandse taal*" en dat it derom giet dêrta "*toepasselijke en noodzakelijke voorwaarden te scheppen en te handhaven*". Der binne 108 ynhâldlike ôfspraken makke oer wat Ryk en Provinsje dwaan sille. Yn dizze nota giet it om it provinsjale oanpart, om útwurking te jaan oan de beliedsfoarnimmers fan de Provinsje dêr't de Steaten op 27 juny 2001 mei ynstimd hawwe. By de útfiering fan de beliedsfoarnimmers is de Provinsje fasilitearjend, koördinearjend en stimulearjend en wol se ek it goede foarbyld jaan.

1.2. Taalbelied

It Europeesk Hânfêst foarmet in nij ramt foar de ûntjouwing fan minderheidstalen, ek foar it Frysk. In ramt dêr't mear as foarhinne systematysk oandacht frege wurdt foar plak en funksje fan it Frysk yn ferskate maatskiplike domeinen. Dat jout in ferbreiding fan doelstelling oangeande eardere provinsjale taalnota's. De Provinsje stiet in aktyf taalbelied foar om't minsken net allinnich *rjocht* hawwe har memmetaal te brûken, mar ek om't minsken *better ta har rjocht komme* as se har uterje kinne yn har earste taal. De memmetaal is de taal dy't it tichtst by de minske stiet, yn dy taal binne jo it linichst, meitsje jo grapkes thús en op it wurk. De eigen taal is faak de taal fan de emoasje.

It Frysk is part fan *politike* diskusjes wurden yn it spoar fan de striid foar it algemien kiesrjocht, as demokratysk rjocht jo yn de eigen taal út te drukken. It moast opbokse tsjin it oerhearskjende plak fan it Nederlânsk yn rieden en steaten, yn rjochtbanken en skoallen en yn de media. Yn de deistige praktyk is der noch altyd in grut ferskil yn status en behearsking fan beide talen.

Fan de ynwenners fan Fryslân kin 94 persint it Frysk ferstean, 73 persint it prate, 65 persint it lêze en 17 persint it skriuwe, sa docht bliken út it ûndersyk *Taal yn Fryslân op 'e nij besjoen* (Gorter & Jonkman, 1995). Yn 55% fan de húshâldens wurdt Frysk praat; 59% fan de ynwenners fan Fryslân praat Frysk op it wurk. "*Krapoan 20 persint fan de hiele befolking hat njonken har memmetaal it Frysk praten leard*", skriuwt Gorter ("De meartalige Fries", *De Aktuele Steat fan Fryslân*, 2001, side 89).

Skriuwe yn it Frysk kin lang net elkenien. Sa skriuwe in soad Fryskpraters har ferhaal of taspraak yn it Nederlânsk op, en lêze it dan yn simultaanoersetting yn it Frysk of dochs mar yn it Nederlânsk foar. Wol it Frysk folweardich meidwaan, dan sil yn 't foarste plak de skriftlike behearsking fersterke wurde moatte.

Der is ferskil yn it oansjen fan beide talen: de iene taal is de standerttaal fan in hiel lân, de oare in minderheidstaal fan ien provinsje. De taalhâlding fan de ynwenners fan de provinsje is dêrom faak dûbel. In protte minsken steane posityf foar it Frysk oer, mar binne ek wend om har samar te ferbrekken om't se in soad yn Nederlânsktalige fermiddens ferkeare. Op it feit dat 94% fan de ynwenners fan Fryslân Frysk ferstiet, wurdt troch de Friezen sels frjemd genôch gjin acht slein.

De wrâld feroaret yntusken hurd. Dizze tiid fan globalisearring en Europeeske ienwurding is der ien fan skaalfergrutting. Yn Europa ferlieze nasjonale talen har fanselsprekkend plak. Tagelyk is der omtinken foar eigenheid yn taal en kultuer, foar it kulturele ferskaat. Minsken hawwe mear ferlet fan wat tichteby is, fan wat eigen is, it bysûndere fan it eigen gebiet. Dat kinne wy ûnder oaren sjen oan de opkomst by en dielname oan festivals as Liet, Tsjoch en Aaipop, en oan it grutte berik fan Tryater en Omrop Fryslân. Krekt troch de opkomst fan televyzje lykas RTL, CNN en National Geographic is der ferlet fan it eigene dat Omrop Fryslân radio en televyzje te bieden hat. De Provinsje sjocht it as har taak aktyf mei te wurkjen oan it yn stân hâlden en fersterkjen fan de Fryske taal en kultuer.

1.3. It plak fan de Provinsje

Yn de Provinsjale taalnota **Fan Geunst nei Rjocht** (1985) wurde twa útgongspunten formulearre dy't noch altiten jildich binne: lykberjochting en lykweardigens. Lykberjochting is betingst foar it brûken fan it Frysk bûten de sfear fan hûs en hiem. Lykweardigens ferwiist nei de aktive kant fan taalemansipaasje: minsken moatte har frij fiele kinne om dy taal ek te brûken. Der is in útnoegjend taalbelied nedich dat der op rjochte is minsken ta har rjocht komme te litten. It taalbelied is derop rjochte om de minsken temjitte te kommen yn it brûken fan har eigen taal. Tagelyk sil mei ferdrach wurke wurde moatte oan de akseptaasje fan twataligens yn de provinsje. Taalûndersyk fan Gorter ("De meartalige Fries", *De Aktuele Steat fan Fryslân*, 2001, side 94) wiist derop dat de maatskiplike wjerstân tsjin twataligens, dus it troch elkoar hinne brûken fan Frysk en Nederlânsk, de lêste jierren flink ôfnommen is en him beheint ta minder as ien persint.

Yn "Fan Geunst nei Rjocht" waard by skriftlike teksten keazen foar twataligens: óf yn it Frysk, óf yn it Nederlânsk. Dat taalkarsysteem like moai prinsipiëel en boppedat wie it útbringen fan teksten yn ien taal goedkeap. Yn de praktyk betsjutte soks dat oerheden yn mear as 9 fan de 10 kear foar it Nederlânsk keazen. Net-Friezen fine it dreech as it inkeld yn it Frysk is en de Frysktaligen fersmite ek gauris in taalkar allinne foar it Frysk. Wy wolle

dêrom ta op *kreATIVE twataligens*. Folle faker as oant no ta soene *beide* talen brûkt wurde moatte, rekken hâldend mei de groepen dêr't foar skreaun wurdt. Troch aktive en realistyske twataligens wurdt mear rjocht dien oan it sichtber meitsjen fan it Frysk. Ynstee fan it âlde taalkarsysteem dat winliken ientalich wie, kieze wy dêrom foar aktive twataligens. Yn 'e praktyk sil it delkomme op in maskelyn fan dûbel- of twataligens. De kar foar in taal of beide talen hinget krekt fan de situaasje en de doelgroep ôf.

By it nije taalbelied hat de Provinsje rekken te hâlden mei de ûnderfinings opdien mei it grutte tal beliedsfoarnimmens fan de **Ramtnota Taalbelied** fan 1991. Fan de 104 foarnimmens wie nei tsien jier rûchwei in tredde realisearre, oan in tredde waard noch wurke, en it lêste tredde part wie net realisearre. Wichtichste wapenfeiten binne it ta stân kommen fan in wiziging fan de Algemene Wet Bestuursrecht, dy't it oerheden op basis fan in taalferoarding mooglik makket it Frysk te brûken, en it ta stân kommen fan regionale televyzje. In evaluaasje fan it rinnend taalbelied fan de Provinsje is besprutsen yn de Steatekommisje Wolwêzen fan 12 maart 2002.

Yn de **Bestjoersôfspraak** giet it om net minder as 108 foarnimmens. Dêrfan slaan 42 op it ûnderwiis, 7 op rjochterlike autoriteiten (no: rjochtspraak en rjochtsferkear), 7 op bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten, 6 op de media, 32 op kulturele aktiviteiten en foarsjennings, 9 op ekonomysk en sosjaal libben en 5 op ynternasjonale kontakten.

Foar 39 beliedsfoarnimmens leit de direkte ferantwurdlikheid by it Ryk; foar 15 direkt by de Provinsje en foar de oaren leit der in mienskiplike ferantwurdlikheid. Provinsje en Ryk hawwe in mienskiplike amtlike koördinaasjegroep gearstald om ta útwurking fan de Bestjoersôfspraak te kommen. Fan de kant fan de Provinsje stiet de ûnderhandelingsdelegaasje ûnder foarsitterskip fan de direkteur. De amtlike koördinaasjegroep, ynsteld op grûn fan kêst 9.7 fan de Bestjoersôfspraak, hat de taak it bestjoerlik oerlis ta te rieden, it opstellen en neirinnen fan de útfieringskonvenanten, jierliks rapportaazjes fêst te stellen foar de Twadde Keamer en Provinsjale Steaten fan Fryslân, en nei te gean wat der wurden is fan de ôfspraken oer it neikommen fan de ûnderskreaune artikels fan it Europeesk Hânfêst. Regelmjittich fynt weromkeppeling út dy wurkgroep wei plak nei Deputearre Steaten ta.

It giet derom de goede dingen yn de goede folchoarder te dwaan. Alles tagelyk oanpakke is deryn fersûpe en soks kin noait de bedoeling wêze. Wy stelle dêrom út yn dizze nota it omtinken yn it bysûnder te rjochtsjen op in beheind tal beliedsfjilden.

1.4. Beliedsfjilden

Hoe't dizze nota him ferhâldt ta de Bestjoersôfspraak, is ôfhinklik fan de rol dy't de Provinsje yn de te ûnderskieden beliedsfjilden te ferfoljen hat.

De Bestjoersôfspraak is yndield yn acht haadstikken mei beliedsfoarnimmens. Der lizze twa dúdlike swiertepunten yn de Bestjoersôfspraak, ien by ûnderwiis en ien by kultuer. Op it swiertepunt ûnderwiis komme wy fierderop werom. Yn it haadstik kultuer wurdt foar in grut part de besteande praktyk fêstlein. It giet ûnder oaren oer Tryater, de Fryske Akademy, it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum en de Provinsjale en Buma

Biblioteek fan Fryslân (de beide lêsten binne no ûnderdiel fan 'Tresoar'). Mocht de advisearring fan de KNAW (Keninklike Nederlânske Akademy foar Wittenskippen) oer de takomst fan de Fryske Akademy dêrta oanlieding jaan, dan komme wy dêroer apart nei de Steaten ta. Oare bepalings yn haadstik 6 slute ek oan by de al besteande praktyk. Oan de útfiering fan de paragrafen 6.6.3 en 6.6.4, rjochte op it ferheegjen fan de ôfset fan Fryske boeken en it befoarderjen fan it tal debuten fan skriuwers ûnder de 30 jier, wurdt wurke troch it projekt 'Fryske Modernen'. It is in projekt opset troch Fryske útjouwers, stipe troch it Fonds voor de Letteren, it Nederlands Literair Productie- en Vertalingenfonds en de Provinsje. Oan par. 6.6.10, subsydzje foar it Frysk Boun om Utens foar taalkursussen, hat de Provinsje ynfolling jûn út de ferheging fan de Ryksbydrage wei. Der hoecht yn dit beliedsfjild gjin ekstra slach makke te wurden.

By it beliedsfjild Rjochterlike autoriteiten (haadstik 3), dat tenei yn it útfieringskonvenant 2004 – 2007 Rjochtspraak en rjochtsferkear neamd wurdt, leit it swiertepunt by it Ryk. It útfieringskonvenant is in ferfolch op de Bestjoersôfspraak, dat om 'e trije jier in aktualisearring fan alle ambysjes oanjout. De Provinsje hat by punt 3.5 by it Ryk oanjûn wêr't yn wetten it sinsdiel "*de Nederlânske taal*" feroare wurde moatte soe yn "*de Nederlandse én de Friese taal*". Fierder wurdt fan de Provinsje meiwurking frege by de foarljochting oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtsseal.

By haadstik 4, Bestjoerlike autoriteiten, leit it swiertepunt ek by it Ryk. Neist it brûken fan de offisjeel fêststelde gemeente- en plaknammen yn Fryslân (besteande praktyk by de Provinsje) wurdt omtinken frege foar twataligens fan balypersoniel fan (semy-)oerheden, lykas wetterskippen en gemeenten. Fierder sprekke Ryk en Provinsje ôf te befoarderjen dat der mear gemeenten in oardering fêststelle oer it brûken fan it Frysk yn har gemeente. Dat wolle wy hjirûnder neier útwurkje.

Haadstik 5, Media, befettet seis ôfspraken en dêrfan lizze fiif direkt op it buordsje fan it Ryk. De Provinsje wurdt neamd by 5.5, it oanbod fan Frysktalige skreaune media. Mei de *F-side*, de searje *Tematydskriften* fan de Afûk (Boek, Bern, Taal esfh.) en de bydragen oan *de Moanne*, *Styl* (de bylage fan de Friesland Post) en *Hjir* hat de Provinsje ûnderwilens har oanpart útfierd. Dat jildt hielendal foar 5.1, "*Het rijk bevordert dat Omrop Fryslân TV op basis van het Fries als tweede rijkstaal, voldoende middelen heeft om een volledige en veelzijdige programmering te realiseren.*" De Provinsje hat dêryn it inisjatyf nommen en de Omrop foar 2001- 2004 ekstra middelen taskikt.

Op it mêd fan haadstik 8, Ynternasjonale kontakten, jout de Provinsje ynfolling oan 8.1 en 8.2 troch bydragen oan de Fryske Rie en it Europeesk Buro foar Minderheidstalen. Foar 2003 jout de Provinsje útfiering oan 8.4 - de útwikseling tusken de trije Fryslannen - troch it finansjeel stypjen fan it kongres 'Gastfrij Fryslân'.

1.5. Swiertepunten yn it belied.

Dan komme wy by de oerbliuwende beliedsfjilden. Wy stelle ús foar om benammen omtinken te jaan oan de ûntwikkeling en fuortsterking fan it Frysk yn it **ûnderwiis**, it foarskoalsk ûnderwiis (haadstik 2) ynbegrepen, by de **gemeenten** as útwurking fan haadstik 4, Bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten, en de **soarchsektor** as útwurking fan

haadstik 7, Ekonomysk en sosjaal libben. Neffens ús binne dat de trije domeinen dêr't it aspekt twataligens de measte problemen ûnderfynt. Boppedat hat men yn it deistich libben in soad mei dy mêden te krijen. Mei it each op de ambysjes fan de Bestjoersôfspraak oant en mei 2010 sille dy trije domeinen prioriteit nedich hawwe. Dat wol net sizze, dat oan de oare fiif beliedsfjilden – rjochterlike autoriteiten (no: rjochtspraak en rjochtsjouwing), bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten, media, kulturele aktiviteiten en foarsjennings, en ekonomysk en sosjaal libben – gjin omtinken bestege wurdt. Wy wolle dat safolle as mooglik op systematyske wize dwaan.

By it *ûnderwiis* binne yn de ôfrûne jierren tal fan goede oansetten jûn. Tagelyk is de ûntjouwing ek stykjen bleaun. Dat hat te krijen mei it ûnderhearrige plak fan it Frysk yn it ûnderwiis, mar fansels ek mei it beskieden belang dat troch it ûnderwiisfjild sels oan it Frysk yn it ûnderwiis takend wurdt. Ut it ynspeksjerapport oer it Frysk yn de basisfoarming docht bliken dat by âlden draachflak is foar Frysk yn it ûnderwiis: 65 persint is foarstanner, 15 persint kin it net sa folle skele en de rest fynt it net fan belang. It belang fan it Frysk wurdt lykwols hieltyd grutter. By oerheden of media moat somtiden echt socht wurde nei kwalifisearre minsken dy't it Frysk yn de macht hawwe. In útwurking fan ús foarnimmens is fêstlein yn it 'Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis' fan septimber 2002.

De *oerheden* hawwe fansels in grutte ynfloed troch de wize fan omgean mei de ynwenners fan gemeenten en provinsje. Komme oerheden minsken allinnich yn it Nederlânsk temjitte of is de tiid oanbrutsen dat oerheden yn Fryslân har nei de ynwenners taalfolgjend opstelle kinne? Wy stelle ús foar om oan dat lêste aktyf te wurkjen. Fierderop by 3 ûnder de kop 'yntern taalbelied' wurdt dat punt fierder útwurke. De Provinsje is lykwols net de iennige bestjoerslaach yn Fryslân. Der komme hieltyd mear *gemeenten* dy't - faak ymplisyt, by gelegenheid eksplisyt - in taalbelied ûntwikkelje en útfiere. Elk docht dat op syn eigen wize. Yn in soad gefallen ûntbrekt de formele basis dêrfoar. In saneamde taaloardering leit de juridyske basis ûnder it taalbelied, mooglik makke troch de wiziging fan de Algemene Wet Bestuursrecht yn 1995. Dat is regele yn de gemeenten Boarnsterhim, Dongeradiel, Ferwerderadiel, Littenseradiel, Ljouwerteradiel, Menameradiel, Skarsterlân, Tytsjerksteradiel, Wûnseradiel en Wymbritseradiel. De gemeente Opsterlân hat by de nije kolleezjefoarming yn 2002 ôfspraken dêroer makke. Yn de Bestjoersôfspraak is ôfpraat dat Ryk en Provinsje befoarderje dat yn mear gemeenten in juridyske basis ûnder it brûken fan it Frysk komt. Yn nau oerlis mei de stjoergroep 'Frysk yn de Gemeenten' wolle wy fierder besjen oft wy in útwurking jaan kinne oan de oanrikkemandaasjes út it Berie-rapport '*Bestjoere en Foarútsjen, een inventarisatie van het Friese taal- en cultuurbeleid van gemeenten in Fryslân (2000)*' en de oanbefellings fan de ferfolchkonferinsje mei gemeenten fan oktober 2000, útwurke yn it Berie-rapport '*Oan de Slach (2001)*'.

Wy tinke fierder dat it tiid is om omtinken te freegjen foar de rol dy't taal spilet yn de *soarchsektor*. Op dat mêd stiet it belied noch yn de steigers. Ear't dat yn kalk en semint is, sil noch hiel wat barre moatte. Der leit in ynhâldlike basis yn de foarm fan in stikmannich rapporten. Henriëtte Hoog skreau al yn 1993 foar it Berie foar it Frysk it rapport '*Om reden fan sînens*'. Yn oktober 2001 waard it rapport '*Taal in de Zorg/Taal yn de Soarch*' fan it Economisch Bureau Coulon útbrocht. It Stipepunt Frysk die ferslach fan it krewearjen by de sikehûzen yn it rapport 'Frysk yn de sînenssoarch'. Op dit stuit is it projekt '*Vertaling en aanpassing aan het Fries van Nederlandstalig diagnostisch materiaal voor volwassenen met*

taalstoornissen' yn tarieding, as mienskiplik produkt fan de Rijksuniversiteit Groningen en Revalidatie Friesland, ôfdieling Logopedy.

By de lanlike oandacht foar kwaliteit yn de soarch, is yn de Bestjoersôfspraak ûnder punt 7.4 fêstlein dat Ryk en Provinsje ekstra omtinken freegje sille foar it plak fan it Frysk yn de soarch. Dêrby hawwe wy te krijen mei in grut tal sektoaren.

1.6. Ferantwurdlikheid foar it belied

Hoe jout de Provinsje fierder ynhâld oan de beliedsûntwikkeling yn oparbeidzjen mei *ûnderwiis, gemeenten en soarch*?

By de kar foar dy beliedsfjilden giet it om taken dêr't oerheden somtiden direkt ferantwurdlik foar binne, of de ferantwurdlikheid foar it jild drage. Wy tinke dat yn oerlis mei oare partijen en mei in berop op har ferantwurdlikheid mear omtinken frege wurde kin as oant no ta.

- Yn it ûnderwiis giet it oan de iene kant om it plak fan it Frysk yn it Ryksbelied, oan de oare kant hoe't it ûnderwiisbelied yn de skoallen stal kriget.
- By de gemeenten giet it om foech op it mêd fan ûnderwiis, soarch en kultuer, mar tagelyk oer it winsklik ôfstimmen fan belied tusken gemeenten en Provinsje.
- Yn de soarch hawwe wy in grut ferskaat oan partijen dy't wy freegje wolle op basis fan omtinken foar de kwaliteit fan de tsjinst- en helpferliening om it Frysk in better, in eksplisyt plak te jaan. Krekt yn sitewaasjes dêr't minsken ôfhinklik binne, mei der gjin ûndúdlikheid bestean oer it goed rjocht om it Frysk brûke te kinnen.

It inisjatyf foar beliedsûntwikkeling troch wet- en regeljouwing leit by it Ryk. In foarbyld sjogge wy yn de Kwaliteitswet Zorginstellingen (1996). Dêryn hat it Ryk omskreaun wat it ûnder kwaliteit fan de soarch yn ynstellings ferstiet. Soarch moat op de pasjint of kliïnt rjochte wêze en ek ôfstimd wêze op it reële ferlet fan bewenners, kliïnten en pasjinten. Soarch kriget yn de wet in regionale ynfolling. De Provinsje fynt dat it Frysk in ûnderboud plak takomt yn de soarchynstellings yn Fryslân.

1.7. Ferantwurdlikheid Provinsje

De Provinsje is de earstferantwurdlike oerheid foar it Fryske taalbelied. Dat wol net sizze dat wy as iennige ferantwurdlik binne. Wy diele dy ferantwurdlikheid mei de ynwenners fan dizze provinsje, mei oare oerheden, mei skoallen, soarchynstellings, media, maatskiplike organisaasjes, eins mei elkenien dy't yn Fryslân meidocht oan it maatskiplik ferkear.

By it strjiben om it plak fan it Frysk fuort te sterkjen, hat de Provinsje in tal spesifike taken:

1. **Fasilitearjend.** Al jierrenlang makket de Provinsje it mei mooglik dat minsken it Frysk mûnling en skriftlik better yn de macht krije. Alle jierren wer binne der rûchwei tûzen minsken dy't meidogge oan de kursussen fan de Afûk. Gemeenten drage foar de helte by oan it kursusjild foar de eigen ynwenners. De Provinsje soarget troch subsidzjes derfoar dat Fryske boeken betelber bliuwe. De Provinsje makket it ûnder oaren mooglik dat Omrop Fryslân televyzjedrama produsearje kin.

2. **Koördinearjend.** No't alle Fryske gemeenten op it fêstelân, útsein de gemeente Harns, ús oanjûn hawwe oan 'e slach te wollen mei it ferfryskjen fan harren wetternammen, is de Provinsje ree om yn ôfstimmen mei de Vereniging van Friese Gemeenten de koördinaasje fan it oerlis mei rekreative organisaasjes op har te nimmen.
3. **Stimulearjend.** Op basis fan de oardering 'Regeling Befoarderjen Frysk Taalgebrûk' binne yn de lêste jierren projekten útfierd dy't omtinken fregen foar it Frysk yn beliedsfjilden dêr't oant no ta amperoan omtinken foar it Frysk wie. Soks hat laat ta projekten en rapporten fan it Stipepunt Frysk oer '*Frysk yn de Sûnenssoarch*' en '*Frysk yn Musea*'.
4. **Foarbyldfunksje.** Troch it goede foarbyld te jaan, kin de Provinsje yn de praktyk sjen litte dat it stal jaan fan in plak foar it Frysk tafalt, en fral dat der wat mei te winnen is. Jo komme de ynwenners yn de eigen taal temjitte en jouwe dêrmei oan in tsjinstbere oerheid wêze te wollen. Dat jildt ek foar it gebrûk fan streektalen. Yn 2004 sil de Provinsje ek de notysje streektalen opstelle as ferfolch en aktualisearring fan de Notysje Lokale Talen út 1985.

2. It taalbelied stal jaan

2.1. Utfieringsorganisaasje

Earder hawwe wy oanjûn dat Ryk en Provinsje in mienskiplike koördinaasjegroep ynsteld hawwe om ta útwurking fan de Bestjoersôfspraak te kommen. It belied foar it Frysk yn it fjild fan kultuer is part fan it reguliere amtlike wurk. It ynterne Frysk, dêr't wy neier op yngean sille yn par. 3, is ûnderdiel fan it reguliere personielsbelied fan de Provinsje. Fierder sil de Provinsje de troch har betelle stipe-organisaasjes (lykas Keunstwurk, de Stichting Samenwerkende Dorpshuizen, de Feriening Lytse Doarpen, Stichting Sport Fryslân, NNBT) freegje om oan har produkt- en beliedsplannen de twataligens fan dizze provinsje aktyf ynhâld te jaan. Itselde jildt foar troch de Provinsje subsidiearre ynstellings lykas it Fryske Gea en it Fries Museum.

Folle minder hawwe wy te sizzen oer de earder neamde beliedsfjilden dêr't wy it plak fan it Frysk fuortsterkje wolle, te witten yn it ûnderwiis, gemeenten en de soarch. Dêr giet it om dy eleminten dy't wy earder omskreaun hawwe as de fasilitearjende, koördinearjende en stimulearjende taken fan de Provinsje. Allinnich troch oerlis mei de partijen dy't aktyf binne op de ûnderskate beliedsfjilden kin de Provinsje syn earstferantwurdlike taak op dat mêd ynhâld jaan.

Taalstatút

Wy wolle mei boppeneamde partijen neigean hokker rol taal yn harren fjilden spilet en sjoen de taaleftergrûnen fan de meidoggers spylje moatte soe. Organisaasjes, ynstellings en ferienings fiere hast altyd in ymplisyt taalbelied. Saken binne sa't se binne en der wurdt fierder net by stilstien. En it kostet altiten ynspanning om de rol fan taal yn in organisaasje te beneamen. Dochs is it fan belang dat sok ymplisyt taalbelied eksplisyt makke wurdt. Yn it foarste plak om dúdlikheid te bieden oan eigen minsken, oan besikers en meidoggers. Yn it twadde plak om net hieltyd deselde diskusjes te fieren. In foarbyld hoe't it kin, is it taalstatút

fan Tresoar; de nije kombinaasje fan it FLMD (Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum), it Ryksargyf en de Provinsjale en Buma Biblioteek fan Fryslân. Dêr is yn fêstlein hoe't yn de kontakten mei in meartalich publyk rekken hâlden wurde sil mei it Frysk. Dat taalstatút hawwe wy as bylage I opnommen.

Yn de soarchsektor hawwe wy lykwols ek in konkreet foarbyld hoe't it kin. Revalidatie Friesland hat sûnt 1999 in yntern taalstatút, dat wy as bylage II opnommen hawwe.

Stipepunt

Rekken hâlde en hâlde wolle mei taal. Soks spilet him fierhinne bûten de doarren fan it Provinsjehûs ôf. Dêrom dat yn de Ramtnota Taalbelied (1991) ek it útstel dien is om te kommen ta in Stipepunt Frysk, in soarte fan buro dat it Fryske-taalbelied yn 'e praktyk útfiere moast, dêr't de Steaten op 29 juny 1994 ta besletten hawwe. Dat it net dat wurden is wat men jin der yn 1991 fan foarstelde, leit oan trije saken.

Yn it earstoan hat it Stipepunt net de omfang krigen dêr't by tocht wie. Ynstee fan trije formaasjeplakken, is it troch de besunigings fan begjin jierren njoggentich net mear wurden as ien. Boppedat waard it Stipepunt belêste mei it redaksjewurk fan de F-side. Yn 't twadde plak waard it Stipepunt bedoeld as koördinator yn gearwurking mei it Fryske Boek, de Afûk, de Fryske Akademy en it Berie foar it Frysk. Op projektbasis koene ek oare organisaasjes dêryn behelle wurde. By de evaluaasje fan it Stipepunt yn oktober 1997 is besletten mear as netwurkorganisaasje fierder te wurkjen. Sa hat it Stipepunt in soad út 'e wei setten. By in te grutte en net dúdlik omskreaune opdracht fan de Provinsje, hat it Stipepunt sels de klam lein op it wurkjen mei gemeenten, pjutten, soarch en musea. Tagelyk waard de F-side útboud ta in medium dat yn omgongstaal wykliks mei 168.000 ynwenners (âlder as 12 jier) fan Fryslân kommunisearret. En yn 't tredde plak waard it Stipepunt it fjild ynstjoerd sûnder dat der in eksplisite (fer-)bining wie mei de Provinsje en it provinsjaal taalbelied. Ynsidinteel, lykas by it menusysteem Frysk foar gemeenten, is it kommen ta in mienskiplik oparbeidzjen fan Provinsje, Stipepunt en it Berie foar it Frysk.

Wy tinke dat it Stipepunt Frysk him yn de praktyk fan it wurkjen oan it draachflak fan it Frysk bewiisd hat. By de programmatyske útwurking fan it taalbelied yn de rjochting fan gemeenten en de soarch sykje wy in nije balâns tusken de aktiviteiten fan de Provinsje en dy fan it Stipepunt.

Yn it fjild fan it ûnderwiis, sa't dat yn it 'Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis' fêststeld is, is it ek fan belang dat de meidoggers dy't yn de stjoergroep wurksom binne ûnôfhinklik funksjonearje fan harren eigen organisaasje. Op dy wize ûntstiet in selsstannige programmearring.

2.2. Programmatysk wurkje

Ramtnota en Stipepunt hiene omtinken foar it maatskiplik draachflak foar it Frysk. Der is in soad dien, mar troch it grutte tal aksjepunten is net programmatysk nei wurkfjilden wurke. Dat wolle wy no oars hawwe. Ferantwurdlik foar de koördinaasje fan it taalbelied bliuwt de deputearre fan kultuer, taal en ûnderwiis, mar foar de útwurking fan it taalbelied yn sektoaren stelle wy foar en kom ta in neiere útwurking. De oanbelangjende deputearre is foarsitter fan

de stjoergroep om direkt kontakt te krijen mei de direkteuren om ûnderlinge beliedspunten út te wikseljen. Wy wolle ta op trije foarmen fan oerlis, om de ynpassing fan it Frysk yn de trije neamde sektoaren better stal te jaan.

- a. **De Stjoergroep Frysk yn it ûnderwiis.** Yn de stjoergroep is de Provinsje fertsjintwurdige mei de deputearre ferantwurdlik foar ûnderwiis. Dêr binne û.o. de direkteuren fan Afûk/Stipepunt, GCO-Fryslân en fertsjintwurdigers út it wurkfjild by belutsen. By de foarmjouwing fan dy stjoergroep moat rekken hâlden wurde mei en oansluten wurde by de besteande oerlisstruktuer op it mêd fan it ûnderwiis.
- b. **De Stjoergroep Frysk yn de soarch.** Yn de stjoergroep is de Provinsje bestjoerlik fertsjintwurdige mei de deputearre ferantwurdlik foar de soarch. Dêrby wurde de direkteuren fan Afûk/Stipepunt, Partoer en fertsjintwurdigers fan it wurkfjild belutsen.
- c. **De Stjoergroep Frysk yn gemeenten.** Yn de stjoergroep is oerlis tusken de seksje kultuer fan de Feriening fan Fryske Gemeenten, de foarsitter fan de Feriening Lytse Doarpen, de deputearre kultuer fan de Provinsje Fryslân en de direkteur fan de Afûk/Stipepunt.

It grutte foardiel is dat mei dy opset it Frysk yntegraal opnommen wurde kin yn beliedsútstellen yn de oanbelangjende sektoaren. It Frysk wurdt fasetbelied.

Foar alle sektoaren wurde de beliedsfoarnimmens fan it provinsjale oanpart fan de Bestjoersôfspraak útwurke. Dêrta wurdt yn in plan fan oanpak in programma fêststeld. De stjoergroep soarget derfoar dat soks útwurke wurdt yn in aktiviteiteplan, dat dêrnei konkretisearre wurdt yn jierplannen. Yn it plan fan oanpak sille de stjoergroepen de doelstellings neffens it SMART-model formulearje. Dat hâldt yn dat spesifike, mjitbere, akseptabele, realisearbere doelen opsteld wurde neffens in tiidpaad. Alle jierren sil op in fêst momint in hifking plakfine oer de fuortgong fan de doelstellings. As it belied goed op 'e gleeed komt, kinne de doelstellings hieltijd konkreter formulearre wurde. Dêrby wurdt rekken hâlden mei de oanwêzige beskikbere finansjele middels en formaasje. De jierplannen wurde troch Deputearre Steaten fêststeld. Foar it ûnderwiis leit al in plan fan oanpak. Om ta dy programmearring te kommen foar it útfieren fan aktiviteiten, stelle wy út dat de Afûk/Stipepunt de kommende fjouwer jier de projektkoördinaasje foar alle trije stjoergroepen op him nimt.

2.3. Sektorplan Underwiis

Yn it 'Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis (septimber 2002)' is in útwurking jûn fan it beliedsfjild ûnderwiis fan de tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer wat it oanpart fan de Provinsje oangiet. Dat plan is fêststeld troch de Steatekommisje Wolwêzensaken d.d. 5 juny 2002 resp. 9 oktober 2002. Wy kinne dêrom yn dizze nota koart krieme, omdat it belied al ta útfiering brocht wurdt en op dit stuit net in punt fan diskusje is. De nedige middels dêrfoar binne ek al dutsen yn de begrutting. Yn de Maitydsnota fan dit jier is in bedrach fan € 357.000,- (2003 oant en mei 2005, sjoch ek haadstik 4) tasein foar in nije metoade Frysk yn it basisûnderwiis.

Yn dat plan fan oanpak is foar it *foarskoalsk* ûnderwiis oanjûn dat de Provinsje dernei stribbet om:

- a. alle Frysktalige en twatalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen fan 2003 ôf systematysk te begelieden en jierliks op kwaliteit te fergjen.
- b. te kommen ta in groei fan it tal Frysktalige en/of twatalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen mei tsien plakken it jier oant 2007.
- c. binnen trije jier Frysktalich materiaal beskikber te krijen foar alle aktiviteiten yn Frysktalige en twatalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen. Dêrta hawwe Ryk en Provinsje ûnderwilens elk 109.000 euro beskikber steld.

Yn it foarskoalsk ûnderwiis binne de lêste jierren wichtige stappen set yn de foarm fan it Tomke-projekt, in mienskiplik produkt fan ûnder oaren GCO-Fryslân, Afûk, Partoer, Omrop Fryslân en CBD-Fryslân. (sjoch ek bylage III; projekt lêsbefoarding). Oerlispartners fan de Provinsje dêrby binne de Afûk/Stipepunt, Partoer en de Stifting Pjutteboartersplak.

Yn it *basisûnderwiis* stribbet de Provinsje dernei dat:

- a. klusters fan basisskoallen komme ta de oanstelling fan in taalkoördinator.
- b. basisskoallen yn Fryslân komme ta in taalbeliedsplan foar har skoallen.
- c. de Provinsje de skoallen ynstruminten yn hannen jout, sadat skoallen sels har begjinsituaasje fêststelle en jierliks neirinne kinne.
- d. de Provinsje ôfspraken mei de steatssekretaris fan ûnderwiis en de ynspeksje makket om oer trije jier nei te gean hoe't it mei it Frysk op 'e skoallen giet.

Yn it *fuortset ûnderwiis* stribbet de Provinsje dernei dat:

- a. de skoallen dy't meidogge oan de projekten foar Frysk yn de basisfoarming, hafû en fwû en it Frysk yn it fmbû, (CSG Bogerman, CSG Dockingacollege, OSG Singelland/CSG Liudger en OSG Piter Jelles) yn 2003 in taalbelied fêststelle foar it Frysk as fak en as ûnderwiistaal. Dat belied wurdt alle om de twa jier bysteld. Yn 2005 komt yn 'e mande mei dy skoallen in modellearplan foar Frysk en twataligens ta stân.
- b. yn 2003 foar de boppebou hafû en fwû digitaal materiaal klear te hawwen foar de learlingen dy't Frysk as eksamenfak keazen hawwe. It doel is dat sawat hûndert learlingen it Frysk as eksamenfak kieze.
- c. yn 2005 yn 'e mande mei de ryksoerheid en it ûnderwiisfjild de kearndoelen Frysk yn de basisfoarming opsteld en fêststeld wurde. Foar 2007 wurdt multimediaal ûnderwiismateriaal makke.

Foar skoallen dy't ûnder de *wet op de expertisecentra* falle, stribbet de Provinsje dernei dat:

- a. alle skoallen yn 2004 in taalplan hawwe dêr't de mooglikheden fan it Frysk as fak en/of as ûnderwiistaal yn steane. Der wurdt rekken holden mei de taaleftergrûn en de beheining fan de learlingen.
- b. it ûnderwiispersoneel op de oanbelangjende skoallen safolle mooglik by ortopedagogyske en fersoargingstechnyske aktiviteiten yn de memmetaal mei de bern omgiet.
- c. fan 2007 ôf mear as de helte fan de groepslearkrêften oan by-oplieding docht op it stik fan twataligens.

By it *beropsûnderwiis* hawwe wy te krijen mei twa partijen: it Friesland College en De Friese Poort. Yn goed oerlis mei de ROC's stribbet de Provinsje dernei binnen trije jier te kommen ta in taalbelied dat neier yngean sil op:

- a. it belang fan twataligens, sjoen de eftergrûn fan de learlingen en har takomstich wurkfjild;
- b. in taalkoade oer it hâlden en dragen yn ferbân mei de Fryske taal en kultuer;
- c. in konkrete útwurking fan it plak fan de Fryske taal en kultuer yn it programma-oanbod;
- d. omtinken foar de Fryske taal en kultuer by projekten op it mêd fan kultueredukaasje.

Yn it *heger ûnderwiis* is de ynset fan it Ryk en de Provinsje derop rjochte dat:

- a. binnen trije jier 75 persint fan de studinten op de beide PABU's it foech Frysk hellet en it tal studinten op de learare-oplieding Frysk omheech giet nei 30.
- b. de PABU's yn 2004 omskriuwe wat de easken binne dy't men stelt oan it foech Frysk, sadat it wurkfjild wit wat dat foech krekt ynhâldt.
- c. it tal lessen Frysk dat jûn wurdt troch dosinten sûnder foech Frysk, yn 2007 mei tsien persint fermindere is.
- d. de Fryske HBU-ynstellingen fan 2004 ôf op it mêd fan it Frysk en de twataligens mei-elkoar oparbeidzje. Der wurdt ek oparbeide mei bûtenlânske ynstellings, mar dan yn ferbân mei minderheidstalen.

2.4. Sektorplan Soarch

Om te kommen ta útwurking fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen hawwe it Ministearje fan Ynlânske Saken en de Provinsje opdracht jûn foar it útfieren fan in grutskalich ûndersyk oer taal en taalbelied yn de soarch. Resultaat wie it rapport *'Taal in de zorg/Taal yn 'e soarch'* fan it Economisch Bureau Coulon (2001). It ûndersyk rjochte him op sikehûzen, fersoargings- en ferpleechhûzen, konsultaasjeburo's, geestlike sûnenssoarch en de beheindesoarch. Der binne sa'n 3.000 personielsleden út de soarchsektor befreged en sa'n 2.500 bewenners, kliïnten en pasjinten. Fierder binne sa'n 50 djipste-fraachpetearen mei personiel, bestjoers- en direksjeleden hâlden.

It rapport jout oan dat yn de soarchynstellingen yn Fryslân mar in bytsje omtinken foar plak en funksje fan it Frysk op *beliedsnivo* is. Tagelyk - sa komt út it rapport nei foaren - bestiet de helte oant twatredde fan de pasjinten, kliïnten en bewenners en ek it personiel fan soarchynstellingen út minsken mei in Frysktalige eftergrûn. Der wurdt yn de ynstellings in soad Frysk praat. Dat jildt benammen op it nivo fan ferpleging en fersoarging. Folle minder is dat it gefal by de konsultaasjeburo's. It rapport konkludearret:

"De afwezigheid van beleid wil niet zeggen dat er niets aan het Fries wordt gedaan. De Friese taal is wel sterk aanwezig binnen instellingen, en een deel van de instellingen kan ook als voornamelijk Friestalig worden bestempeld. Friestalige activiteiten worden echter niet op instellingsniveau, maar op locatie- of vestigingsniveau georganiseerd. Verder vindt het Friese taalgebruik vooral op individueel niveau plaats in directe contacten tussen

patiënten, bewoners, cliënten en personeel. De individuele afwegingen over wanneer wel en wanneer niet Fries wordt gesproken, zijn daarin bepalend" (side 6).

De soarchsektor is aktyf dwaande mei de kwaliteit fan de soarch. Yn dat ramt is it nuver dat der gjin belied foar it Frysk is. Ien fan de kwaliteitsaspekten is ommers omtinken foar taal as ûnderdiel fan de kommunikaasje. "*Communicatie is een essentiële voorwaarde om goede kwaliteit van zorg en begeleiding te bieden. Met name interactie over emotionele en persoonlijke situaties is van groot belang*" (Rapport Taal yn de soarch, side 17). Dêr is wol ferlet fan, om't krekt yn de soarch in grut gat gappet tusken de profesjonele saakkundigens fan de medyske wrâld en de ôfhinklike posysje fan minsken dy't dy soarch nedich hawwe. Dat jildt foar Nederlân en dat jildt foar Fryslân yn it bysûnder. Frysktaligen binne yn sa'n situaasje wend har stil te hâlden, of har te ferbrekken en fral om der net fan út te gean dat it ek yn it Frysk kinne soe.

Dochs kin dat út it eachpunt fan kommunikaasje wei wol better. Ut taalsosjologysk ûndersyk komt hieltyd wer nei foaren dat wat yn it Frysk sein wurdt, oerkomt as betrouber, earlik, freonlik en guodlik. Minsken fiele har by en yn dy taal earder thús en begripe de boadskip ek better.

Soks jildt yn syn algemienens, mar hiel yn it bysûnder foar kwetsbere minsken lykas de demintearjende âlderein, dy't yn har bernskens weromfalt op de taal fan de bernetiid. Of minsken mei spraakproblemen dy't har hiele libben mei man, frou of bern Frysk praat hawwe, en harren wurdt troch logopedisten it Nederlânsk oanleard. Logopedisten yn Fryslân hawwe driuwend ferlet fan Frysktalich behannel- en testmateriaal.

No't de ynstellings op grûn fan de Kwaliteitswet Zorginstellingen frege wurdt om by de soarch út te gean fan de pasjint of kliïnt, is de tiid oanbrutsen om mei ynstellings te wurkjen oan it omskriuwen fan it belang en it plak fan it Frysk yn de soarch. In foarbyld dêrfan is opnommen yn bylage IV, dêr't de direkteur fan Skewiel Trynwâlden yn Oentsjerk - in eksperimint nei de kreative foarm fan soarchferliening - oanjout wat de wearde fan taal is yn syn organisaasje. Op basis fan de punten neamd yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer par. 7.3 oant 7.9 komt de Provinsje ta de neikommende doelstellings:

- a. De Provinsje sil oerlis opsette mei de soarchsektor (sikehûzen, ferpleechhûzen, beheindesoarch, thússoarch, geastlike sûnenssoarch, jongereinsoarch, konsultaasjeburo's) oer it realisearjen fan de oanbefellings fan it rapport 'Taal yn de soarch' oer it opnimmen fan de Fryske taal yn it kwaliteitsbelied (sjoch ek bylage V).
- b. De Provinsje stimulearret it opsetten fan proefprojekten en it opdwaan fan ûnderfinings mei it opnimmen fan Frysk yn it kwaliteitsbelied.
- c. De Provinsje stribbet dernei dat troch de oerheid subsidiearre ynstellings yn de sûnenssoarch en de wolwêzenssektor omtinken jouwe oan de Fryske taal, yn algemiene sin en yn de jierlikse ferslachjouwing en klachteregeleings. Dêroer wurdt ek kontakt lein mei gemeenten.
- d. It ûnderwerp 'twataligens' wurdt opnommen yn de regiofisy's dy't yn dizze beliedsperioade oer de soarchsektor útkomme sille.
- e. De Provinsje stimulearret it útjaan fan foarljochtingsmateriaal oer it twatalich grutbringen fan bern en de foarljochting foar twatalich opfieden by konsultaasjeburo's yn Fryslân.

- f. De Provinsje freget it PCPF, de belangebeherterjende organisaasje op it mêd fan de wolwêzens- en soarchsektor, omtinken foar it Frysk op te nimmen yn it jierlikse produkteplan.
- g. Mei de stipe-organisaasje op it mêd fan wolwêzen, Stifting Partoer, wurde yn 2003 ôfspraken makke foar it opnimmen fan it Frysk yn it produkteplan 2004, yn beliedsplannen en yn de jierlikse ferslachjouwing.
- h. De Provinsje befoarderet dat logopedysk test- en behannelmateriaal ûndersocht wurdt op brûkberens foar de twatalige sitewaasje yn Fryslân.
- i. De Provinsje befoarderet dat foar de behanneling fan bern mei spraak- en taalbeheinings en afasypasjinten neist Nederlânsktalich ek Frysktalich test- en behannelmateriaal foarhannen is.
- j. Yn oerlis mei de Vereniging van Logopodisten en de wurkgroep ‘Frysk yn de logopedy’ wurde ôfspraken makke oer de presintaasje en ynpassing fan it Frysk logopedysk test- en behannelmateriaal.
- k. Yn de produktôfspraken mei Stifting Partoer wurdt opnommen dat foarljochtingsmateriaal ûntwikkele wurdt oer it twatalich grutbringen fan bern.

2.5. Sektorplan Gemeenten

By de ynpassing fan de foarstellen út de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer hawwe wy te krijen met in grut tal oare partijen. No't Europa en it Ryk meiwurkje wolle oan it kultureel ferskaat yn Europa en it fersterkjen fan it Frysk, is it fan grut belang dat de oerheden yn Fryslân op itselde spoar sitte. Wat wy yn dizze nota ûnder ûnderwiis en soarch as oandachtsfjild omskreaun hawwe, falt foar in part ûnder it foech fan gemeenten. Gemeenten kedize oer it wol as net opnimmen fan omtinken foar it Frysk yn it 'Tijdelijk besluit kwaliteitseisen kinderopvang'. Ljouwerteradiel, Eaststellingwerf en Tytsjerksteradiel hawwe dat aspekt yn har fergunnings opnommen. Gemeenten kedize foar it plak fan it Frysk as fak en fiertaal yn it basisûnderwiis, it brûken fan Frysk lesmateriaal en it ynsetten fan it LONDO-jild foar it Frysk. Dêr binne ek grutte ferskillen yn belied tusken gemeenten. Dat kinne wy foar in grut part falle litte ûnder de term ‘passyf belied’.

Der binne 13 gemeenten dy't in beliedsplan Frysk hawwe, te witten Achtkarspelen, Boarnsterhim, Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel, Frjentsjerteradiel, It Hearrenfean, Littenseradiel, Ljouwert (kultuernota), Menameradiel, Opsterlân, Skarsterlân en Tytsjerksteradiel. Dat wol net sizze dat der yn oare gemeenten neat bart. De gemeenten Boalsert, Gaasterlân-Sleat, Kollumerlân, Lemsterlân, Ljouwerteradiel, Nijefurd, Smellingerlân en Wûnseradiel geane derfan út dat gemeente-amtners yn balyfunksjes Frysk ferstean en prate kinne. Dêrfoar biedt de gemeente kursussen oan en beleannet it heljen fan diploma's. Yn 28 gemeenten kin yn it Frysk troud wurde. Littenseradiel en Wymbritseradiel belûke it Frysk by it jongerein- en âldereinbelied, Boalsert docht dat allinne by it lêste. Wymbritseradiel en Kollumerlân belûke it Frysk ek by de soarch foar de âlderein yn wentesintra en tehûzen. Yn 11 gemeenten wurdt yn it kultuerbelied omtinken jûn oan it stimulearjen en it brûken fan it Frysk. Fiif gemeenten hâlde rekken mei it Frysk by de lokale

omrop. Tsjien gemeenten hawwe op it stuit in oardering Frysk yn it skriftlik ferkear, dy't foar in grut part basearre is op de modeloardering dy't de Provinsje yn 1996 nei alle Fryske gemeenten stjoerd hat.

Yn de Bestjoersôfspraak hawwe wy mei it Ryk ôfpraat dat wy der op oanstean sille dat gemeenten komme ta in juridyske basis foar it Frysk. Sa komme wy ta de neikommende punten foar it oerlis mei gemeenten:

- a. Provinsje en Ryk sille yn 2003 gemeenten en wetterskippen yn Fryslân derop wize dat de ynpassing fan de taalregels út haadstik 2.2 fan de Algemene Wet Bestuursrecht in taaloardering freget dy't troch de gemeenterie, of wol folmachten fêststeld wurde moat, wol it Frysk in juridyske basis hawwe.
- b. Deputearre Steaten sille yn 2003 neigean mei hokker gemeenten sy in ôfspraak meitsje kinne om it Frysk safolle mooglik by ûnderlinge korrespondinsje te brûken. Dêrby wurdt yn begjinsel tocht oan de tsien gemeenten dy't in oardering Frysk yn it skriftlik ferkear ynfierd hawwe. Sa'n ôfspraak sil as groei- en útwreidingsmodel funksjonearje foar kommunikaasje mei deselde en oare Fryske gemeenten en (semy)oerheden.
- c. Deputearre Steaten sille yn 2003 de gemeenten yn Fryslân freegje nei foarnimmens, ûnderfinings mei en ferlet fan gemeenten oangeande it útdragen fan twataligens en taalferskaat fan Fryslân oan nij-ynkommelingen.
- d. Jierliks wol de Provinsje, de seksje kultuer fan de VFG en it Stipepunt/Afûk in wurkkonferinsje organisearje om, mei help fan de menukaart by it gemeentlik taal- en kultuerbelied, oan de hân fan 'best practices', sjen te litten wat der op it mêd fan it Frysk bard is en barre kin.

2.6. ICT

Yn desimber 2002 hawwe de Steaten jild útlutsen foar in Frysktalige kompjûter-konfiguraasje. Dat is aansens in wichtich helpmiddel by it skriftlik brûken fan it Frysk, sawol yn de provinsjale organisaasje as bygelyks yn it ûnderwiis. Earder hawwe de Steaten besletten dat it fan belang wie dat de Fryske Akademy meidie oan in lanlik projekt foar it werkennen fan spraak. De Akademy nimt it Fryske part foar syn rekken. Dat sil wer nije mooglikheden opsmite. Om't him dêr in soad nije ûntwikkelings foardogge, wolle wy mei in nota 'Frysk en ICT' op dy tematyk apart weromkomme.

2.7. Berie foar it Frysk

It Berie foar it Frysk is ynsteld op 31 maaie 1989 en hat neffens kêst 2 ta doel Deputearre Steaten te advisearjen yn har belied "*om te kommen ta yntegraasje fan de Fryske taal yn it maatskiplik libben en ynstitusjoneel libben yn Fryslân op grûn fan lykweardigens en lykberjochting oan it Nederlânsk*". Yn kêst 3 is as taak omskreaun om Deputearre Steaten op fersyk en út eigen beweging rie te jaan oer it provinsjaal taalbelied, oer de relaasje tusken it provinsjaal taalbelied en it belied fan de Fryske gemeenten en fan it Ryk, oer aktiviteiten

yn ferbân mei oare provinsjale beliedsfjilden en oer fraachstikken dy't freegje om stúdzje en ûndersyk. Yn de *Bestjoersôfspraak* is it plak fan it Berie foar it Frysk yn haadsik 1.4 nochris fêstlein as "*een adviesorgaan voor het beleid ten aanzien van de Friese taal, dat als taak heeft het provinciaal bestuur te adviseren over algemene beleidsontwikkelingen en maatschappelijke ontwikkelingen in relatie tot het taalbeleid van de Provincie*".

De ôfrûne jierren hat it Berie in wichtige bydrage levere oan it ûntwikkeljen fan it belied, sa't dat yn it ramt fan it Hânfêst stal krigen hat. No't it op it útfieren fan it taalbelied oankomt, en wy hjirboppe kieze foar in sektorale wurkwize, sil it Berie mear as oant no ta in algemiene advysfunksje hawwe. Wy wolle ta op neier oerlis mei it Berie oer it plak en de taken. Wy binne fan doel it Berie te belûken by it hifkjen fan it taalbelied.

3. Yntern Taalbelied

Fersterking fan it plak fan it Frysk kin net sûnder dat de provinsjale organisaasje der mei mandélich oan is. Der spylje in tal argumenten trochinoarhinne by de diskusjes oer it plak fan it Frysk yn it amtlik apparaat. It giet der yn it foarste plak om dat jo minsken yn de eigen taal temjitte komme wolle en kinne. Dat betsjut dat de taal as kommunikaasjemiddel de oerheid wat wurdich is. As de boarger him skriftlik of mûnling yn it Frysk ta de oerheid rjochtet, kriget hy of sy antwurd yn it Frysk werom. Soks kin derta bydrage om it plak fan it Frysk njonken it Nederlânsk te fersterkjen en om de status fan it Frysk te ferheegjen. Dat is dan wer fan belang foar it plak fan it Frysk yn oare domeinen lykas it ûnderwiis.

Yn it nije duale bestel is it ynterne taalbelied fan de Provinsje aansens in earste ferantwurdlikheid fan it Kolleezje fan Deputearre Steaten. It hjoeddeistige Kolleezje hat besletten in nije ympuls te jaan oan it ynterne taalbelied. Dêrta wurde twa spoaren ûnderskieden, nammentlik 1) it stimulearjen fan in klimaat dêr't it normaal fûn wurdt om Frysk te skriuwen en benammen te praten, op alle nivo's, sawol yntern as yn kontakten nei bûten ta, en 2) it jaan fan foarbyldgedrach op grûn fan lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk. Wy wolle derop ta dat amtners yn publyksfunksjes ek it Frysk yn de macht hawwe. Mei it each op foarljochting yn it ramt fan Frysk en taalbelied oan de ynwenners fan Fryslân en minsken om utens sille wy in yn- en ekstern kommunikaasjeplan opsette. Ynterne taalplanning sil in ûnderdiel fan it kommunikaasjeplan foarmje. Yn bylage VI is ús komplette ynterne Fryske taalbelied opnommen.

4. Minsken en Middels

By de behandeling fan de Bestjoersôfspraak yn de Steaten op 27 juny 2001 hawwe Deputearre Steaten oanjûn wat oan ekstra ynset oan minsken en middels nedich wêze soe om ta ymplementaasje te kommen. Mei-inoar giet it om 2,7 fte, om € 158.823,- ynsidinteel en € 706.062,- struktureel. De Steaten hawwe dermei ynstimd. In part dêrfan is al ta

útfiering kaam. Lykwols die al by de behandeling fan de nota 'Frysk yn it ûnderwiis' bliken dat dy getallen yndikatyf wiene.

It ynsidintele bedrach is ornearre foar de neikommende posten:

Post	27-6-2001	Utjûn
1. ûntjouwing ûnderstypjend pedagogysk materiaal	€ 108.907,-	€ 108.907,-
2. mooglikheid autintike akten in offisjele registers	€ 22.689,-	
3. it ferbetterjen en ymplemintaasje logopedy yn Fryske taal	€ 22.689,-	€ 22.689,- *
4. it buorkundich meitsjen yn Staatscourant	€ 4.537,-	
	-----	-----
mei-inoar:	€ 158.823,-	€ 131.596,-

It strukturele bedrach is ornearre foar de neikommende posten:

Post	27-6-2001	Utjûn
1. doelútkearing Frysk yn it ûnderwiis	€ 204.204,-	€ 204.204,-
2. ynternasjonale útwikseling eksamenlearlingen Frysk	€ 11.344,-	
3. Frysktalige tydskriften foar 2 oant 17-jierrigen	€ 22.689,-	€ 22.689,-
4. oanbod Frysktalige skreaune media	€ 226.890,-	€ 226.890,-
5. rykspost Fryske taal en kultuer	€ 136.134,-	
6. ferheegjen ôfset Fryske boeken	€ 32.218,-	€ 32.218,-
7. Fryske taal en kultuer op bûtenlânske manifestaasjes	€ 4.537,-	€ 4.537,-
8. brûken Fryske taal yn ekonomysk en sosjaal libben	€ 11.344,-	
9. Frysk yn subsidiearre wolwêzen- en soarchsektor	€ 22.689,-	
10. logopedy yn Fryske taal	€ 11.344,-	€ 11.344,- *
11. projekten Frysk yn ekonomysk en sosjaal libben	€ 22.689,-	
	-----	-----
mei-inoar:	€ 706.082,-	€ 501.882,-

* Foar de punten 3 en 10 sille wy ynkoarten mei in konkreet útstel komme, dat wy ôfsûnderlik oan de Steaten foarlizze sille.

Fan de ynsidintele middels hawwe wy in bedrach fan € 27.227,- net frege fia in begрутtingswiziging en dus ek net útjûn en fan de strukturele middels hawwe wy in bedrach fan € 204.200,- jiers net frege en net útjûn. Wy hawwe by de behandeling fan de Bestjoersôfspraak sein dat wy yn de nije taalnota mei konkrete útstellen komme soenen foar

dy bedraggen. De oare bedraggen hawwe wy útjûn op grûn fan konkrete útstellen, dy't wy oan Provinsjale Steaten foarlein hawwe en dy't ek troch Provinsjale Steaten goedkard binne.

As it giet om de soarchsektor, binne wy fan betinken dat it Soarchfûns brûkt wurde kin foar de ekstra middels dy't nedich wêze sille foar de ymplementaasje fan ús foarnimmens yn dy sektor. Wy sille as dat nedich is mei in útstel komme om de kritearia fan it Soarchfûns oan te passen sadat it fûns brûkt wurde kin foar de neamde doelen. In tal aktiviteiten yn gemeenten wie ûnderdiel fan de aktiviteiten fan it Stipepunt Frysk. Foar middels dêrfoar komt de Regeling Befoarderjen Frysk Taalgebrûk yn 'e beneaming.

Bliuwt de fraach oer oft wy útkinne mei de besteande formaasje foar it taalbelied. Op dit stuit bestiet dy út 2,7 fte. Dêrfoar moat in ynbring levere wurde yn de reguliere ûnderhandelings mei it Ryk, wurde yn de sektor kultuer de wenstige saken útfierd, moatte oanfragen beoardield wurde en soe ek noch in ympuls jûn wurde moatte oan de trije beliedsfjilden. Dêr komme wy net mei út. Boppedat fine wy dat foar dy taalypuls in oare ynstânsje as de Provinsje nedich is. Wy tinke dêrby oan in fierdere ynset fan it Stipepunt Frysk op dat mêd. Wy stelle út dat it Stipepunt de koördinaasje fan de stjoergroepen foar de trije beliedsfjilden op 'e noed nimt.

Op dit stuit docht it Stipepunt al in tal saken op it mêd fan gemeenten. Der is lykwols gjin romte om ekstra ynspannings foar de beide oare beliedsfjilden op priemmen te setten. Yn dit ferbân is it needsaaklik dat foar de kommende fjouwer jier it budzjet fan it Stipepunt ferhege wurdt mei in bedrach fan **€ 120.000,- jiers** foar de projektkoördinaasje foar de twa beliedsfjilden. Dat bedrach is nedich foar de koördinaasjetaken, ynklusyf administrative stipe. Wy binne fan betinken dat de koördinaasjetaken troch it Stipepunt Frysk ûnder de betingsten fan de Bestjoersôfspraak falle. Wy tinke fierdersoan dat in tal fan boppesteande noch net rûsde posten troch it Stipepunt realisearre wurde sil. Lykop mei dizze taalnota is foar de kosten in útstel yn de Maitydsnota 2003 ynbrocht fan mei-inoar € 480.000,- (€ 120.000,- jiers yn de perioade 2004 oant en mei 2007). Dat jildt ek foar in útstel dat yn de Maitydsnota 2003 ynbrocht is foar in nije metoade Frysk yn it basisûnderwiis foar in bedrach fan mei-inoar € 357.000,- (€ 119.000,- jiers yn de perioade 2003 oant en mei 2005). Hjirfoar kinne de noch net rûsde strukturele middels (€ 204.200,-, sjoch hjirboppe) tydlik foar fjouwer jier brûkt wurde. It út de taalnota fuortkommend rûsde bedrach falt dêrmei jiers € 34.800,- heger út as de rûsde bedraggen yn de Bestjoersôfspraak. De Steaten hawwe dêrmei geunstich ynstimd.